

Sin oan

Kolofon

ISBN: 978 90 8954 997 6

1e printinge 2017

© 2017, Jurjen van der Meer

Utgjowerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 - 289 48 57

www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Yllustraasjes: Maaïke van den Akker en Lip Ferwerda

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de oersetter en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Sin oan

Jurjen van der Meer



Diel 1

Pas op foar...

Yllustraasjes: Maaïke van den Akker

PAS OP FOAR... HURDE WYN

Miskien wolsto my net leauwe,
fynsto my in bange knyn,
mar der is neat sa gefaarlik,
as in dei mei hurde wyn.
Hurde wyn, neat as ellinde,
hege golven op 'e see.
Fiskers yn te lytse boatsjes,
sitte sa yn 'e puree.



Op it lân, net folle better,
beammen bûge omtrint plat.
Fûgels, flinters, stikelbarchjes,
falle samar, plat op 't gat.
Molens waaie tsjin 'e flakte,
pealtsjes skuorre út 'e grûn.
Fan in plysje út Teroele,
ha se noch de bril net fûn.



Bûtendoar is net te wêzen,
alles giselt mar foarby.
Alde kranten, plestikpûdsjes,
hûnen, katten, hynders, kij.
Stoarmwyn, dat jout ûngelokken,
pannen fleane fan it dak,
Hinnen waaie fan 'e aaien,
wask stoot fan it linnenrak.



En wat tinksto fan it famke
dat in jier as wat ferlyn,
op 'e fyts nei Eastermar soe,
op in dei mei hurde wyn.
Se hat fjouwer oeren trape,
mar it wie gjin goed idee.
Se hat nea yn Eastermar west,
se kaam út yn Eastersee.



Doch dus leaver oare dingen,
ryd ris auto, drink ris bier.
Klim yn beammen, spring fan dakken,
boartsje mei de grutste klier.
Piel mar om mei skorpioenen,
hâld piranja 's yn in kom.
Mar mei hurde wyn nei bûten,
'k soe 't net dwaan, want dat is dom..



PAS OP FOAR... DE PLEATS

Miskien wolsto my net leauwe,
mar 't is wier, ik bliuw der by.
Der is eins neat sa gefaarlik,
as in pleats mei buorkerij.
Alderearst it paad der hinne,
meastal wiet en fol mei drek.
Ast dêr op dyn klompen trochdraafst,
giest wol fiif kear op dyn bek.



Yn de pleats is 't hiel faak tsjuster.
No, dat docht de boer mei sin.
Dan sjochst net goed wêr ast rinste.
Bist in proai foar syn boerin.
Stjilst dyn holle tsjin de balken,
stroffelst oer in pakje hea.
Fan de ûle op 'e golle,
skrikst dy ek bytiden dea.

Dan de bisten dy't der wenje.
Och, se lykje sa gewoan.
Mar se ha gemiene plannen
en sa sjogg' se dy ek oan.
Lêstendeis noch woe in kealtsje,
('t stie allinne yn it lân,)
by in famke fingerslikje.
't Earne bern mist no har hân.



En in geitsje yn 'e blikke,
biet in jonkje yn 'e jas.
Trije dagen ha se fochten,
want it bist liet net wer los.
Kij dy pisje oer dyn teannen,
hûnen flean' dy nei de kiel.
Hynders skoppe dy yn twaen,
en dan bisto net mear hiel.

Dus...
Knutselje in guillotine,
meitsje ris in djiptebom.
Sied ris sop fan mûzekeutels,
smyt in jiske-auto om.
Blaas ris glês fan raande flessen,
sloop de crossfyts fan dyn broer.
Mar kom nooit wer yn de skuorre,
boartsje nooit wer by de boer.



PAS OP FOAR... SPORT OF GYMNASTYK

Miskien wolsto my net leauwe,
fynst myn redenaasje bryk.
Mar gean, ast ferstandich biste,
noait op sport of gymnastyk.
Op in klup, ik soe 't net doare,
it gefaar is tige grut.
Oeral rinne boaze trainers,
en se raze ek noch hurd.

Op it fjild stiest mar te klomjen,
altyd is 't dêr wiet en kâld.
Rinst dêr omtrint yn dyn naky,
net in sporter wurdt der âld.
Ek de seal sit fol gefaren
en de flier is fierste glêd.
Kinst dyn nekke der wol brekke,
earlik wier, ik kom der net.

Ballen klappe tsjin dyn holle,
spearen stekke troch dyn siel.
Rackets kinst mar krekt ûntwike,
shuttles flean' dy nei de kiel.
Matten kinst hiel raar oer falle,
ringen komst eins net wer út.
En ast oer de balke rinste,
falst wol seis kear op dyn snút.

